

Jierferslach Doarpsbelang 2015

Yn it begjin fan it jier, as de dagen it koartst binne en de nachten op har tsjusterst, is der neat moaier as plannen betinke foar it nije jier. It earste plan hi ek fuortendaliks wat te krijen mei it tsjuster. Al oan it begjin fan it jier wiene wy drok dwaande mei de tariedings foar ús Aldegeaster nachtkuier.

Op 23 maart is ús jierlikse ledenfergadering. Yn it ramt fan Kulturele Haadstêd 2018 ha wy ús as doarp oansluten by it projekt Feel the Night fan arsjitekthe Nynke Rixt Jukema. Nynke Rixt komt nei de ledenfergadering en jout oan dat se mear omtinken jaan wol oan hoe wichtich it tsjuster is yn ús libben. Yn Aldegea ha wy op 28 maart de earste Fryske nachtkuier hâlden lâns de rûte fan ús Dichterspaad.

En no't wy it oer dat Dichterspaad hawwe, ek dêr hiene wy it smoardrok mei. Ein febrewaris ha wy mei ús allen oan it gat graven west om de dichterpanelen lâns de rûte te setten. Ferspraad oer in kuierrûte fan goed 15 kilometer steane 15 dichterpanelen, mei dêryn gedichten fan ferskate dichters.

Mei it foarjier foar de doar, lei de fokus op ús dielname oan it Grienplan. Ynwenners út it doarp koene har opjaan om it grien om it hûs hinne oan te pakken. It gong om partikuliere tunen, mar ek om boerehiemen. Saterdei 4 april wie it dan safier. De skeppen mochten de grûn yn foar it oanplantsjen fan nij grien op de plantdag fan Aldegea yn it Grien. Ferskate bewenners gong yn de eigen tún oan de slach.

Saterdei 2 maaie stie de offisjele iepening fan ús nije MFC op 'e aginda. Al sûnt it begjin fan it jier fergaderje wy as Doarpsbelang yn it MFC, yn de Aldheidsromte. Under belangstelling fan hiel wat bewenners iepenet boargemaster Tjeerd van Bekkum op 2 maaie ús nije MFC.

Yn neifolging fan de namme fan it MFC, de Gearrin, jouwe we yn oerlis mei de froulju en manlju fan de Stichting Hattum de Vries oan de Aldheidskeamer de name de Gearstal.

Yn maaie komme de earste berjochten oer ynbraken yn en rûnom Aldegea. Wy starte as Doarpsbelang mei in ynventarisasaasje oer it meitsjen fan in appgroep, om inoar sa op 'e hichte te hâlden.

Der is ek goed nijs, want yn maaie binne wy drok dwaande mei de tariedings foar it Tichtset Keunstwurk oan de Aldegeasterfeart. Dit keunstwurk komt hjir ta neitins oan Piebe de Jong, de lêste

tichtsetfisker. It keunstwurk wurdt op 3 juli ûntbleate. It is moai waar en der komme hiel wat minsken op ôf. It keunstwurk, betocht troch de eigen doarpelingen Sabine Liedke en makke troch Auke de Vries is prachtich.

It hiele jier troch ha wy geregeld kontakt mei de gemeente en provinsje oer de plannen fan Oudega aan het water. D'r sit noch net echt skot yn de saak.

Dêr't wol skot yn sit, is de oanlis fan it weilanddepot by de Geasten. Hjir wurdt de bagger hinne brocht, dy't frijkomt by it projekt Booming Business yn De Alde Feanen. Op in bijienkomst krije wy útlis wat krekt it doel is. Ek wurde de omwenjenden útnoege foar dit oerlis.

Yn de simmer wurde we noch efkes konfrontearre mei ûnfeiligens yn de haven fan Aldegea. Wylst boatsjes binnenfarre, swimme der tsientallen bern yn de yn- en útgong fan de haven. We fine as bestjoer dat de feilichheid fan de bern by ús foarop stiet en beslute om de handhaving fanút de gemeente yn te roppen. Us standpunt fan feilichheid wurdt net troch elkenien deeld en der komt dan ek in oar soort diskusje op gong, dêr 't wy ús fier fan hâlden ha.

Nei it simmerreses begjinne wy it nije seizoen yn septimber mei Kofje by de Boer. Ferskate boeren yn Aldegea iepenje harren doarren op 26 septimber om ynwenners "een kijkje achter de schermen" te jaan.

Ek gean wy fierder mei de útfier fan it Grienplan. Nei't yn april ferskate partikulieren al oan de slach gongen mei harren túntsjes, starte wy yn septimber mei de tariedings foar de oanlis fan nij iepenbier grien. Sa waarden der beammen plante lâns de Dykfinne, waard it plantsoen tsjinoer de Agatha tsjerke oanpakt en gean frijwilligers oan de slach mei it 'opgrienjen' fan it hek yn it Albert Faber Parkje. Op 28 septimber organisearje wy in ynrinjûn foar nijsgjirrige Aldegeasters dy't alfêst sjen wolle wat der gebeure sil.

Yn de tuskentiid prakkearje we oer in permanente Grienkommisje foar de takomst. Dêrfan stiet d'r noch neat op papier, mar binne d'r al wol gedachten oer hoe soks oan te pakken.

Yn en nei de simmer is it skearing en ynslach as it giet om ynbraken. Ferskate Aldegeasters ha dieven om 'e doar. Yn septimber stjoere wy al ús leden fia ús mailbestand in mail mei dêryn in warskôging fan de plysje om gjin minsken op it hiem te litten dy't freegje om âld izer en oare metalen.

Fanút de gemeente komt yn oktober it berjocht dat de Achterwei lang om let oanpakt wurde sil. Der komt nije riolearring en dan wurdt ek de dyk oanpakt. Noch foar de winter sil ek it fytspaad in opknopbeurt krije. Wy úterje as Doarpsbelang ús soargen om't de fytsers dan op 'e dyk fytse moatte mei it donkere en kâlde waar. Uteinlik rinne beide projekten fertraging op troch it wiete waar en wurde de wurksumheden ferset nei it foarjier fan 2016.

We dogge dit jier foar it earst mei oan de Natuurwerkdag op 7 novimber. Dit is in lanlike wurkdei yn de natoer en in goeie gelegenheid om ien fan de paden dy 't we foar eagen ha om te iepenjen, frij te meitsjen fan ûnrand en oerhingjende takken. It is in slagge dei mei in 14-tal frijwilligers út en fan bûten it doarp.

Wat net fertraging oprint troch it minne waar is ús plantdag foar Aldegea yn it grien. Nettsjinsteande it roetkâlde waar stekke ferskate frijwilligers op saterdei 14 novimber de hannen út de mouwen om it iepenbier grien yn Aldegea oan te pakken.

In soad drokte mei allerhanne projekten docht ús besluten om de twadde ledefergadering dit jier ris nét te hâlden. Yn it foarjier fregen we ús al ôf wêrom't Doarpsbelang twa fergaderingen hâldt en elke oare feriening maar ien jierfergadering. As ôfweging is neamd dat der echt wat te melden wêze moat yn sa'n fergadering. Sa net, dan litte we 'm ferfalle. De statuten wurde der op neisjoen en jouwe oan dat der by gelegenheid in twadde fergadering útskreaun wurde kin. Der sil melding fan wêze tidens de ledefergadering yn 2016.

Der binne mear plakken yn it doarp dy't wol in opknopbeurt brûke kinne. Middels in doarpskou notearje wy al ús oandachtspunten en jouwe dy troch oan Wykbehear fan de gemeente. De slimste saken binne yntusken oanpakt.

Yntusken ha wy it sels drok mei de realisaasje fan twa bysûndere projekten. By it MFC komt in beweegplein en foar it Jonkersstee sil in Jeu de Boulesbaan komme. It beweegplein wurdt mooglik makke mei jild fan ferskate fûnsen, de Provinsje en de Gemeente Smellingerlân. De Jeu de Boulesbaan wurdt finansjearre fanút in buurtbudgetaanvraag.

Yn de rin fan it jier komme der hieltyd mear klachten oer de ferâlderde webside oudega.info. Sels hiene wy ek al wol sjoen dat de ynformaasje al in hiel skoft net mear byhâlden wie. Om't de webside in hiel moai kommunikaasjemiddel is, beslute wy dat der in facelift komme moat.

It Dichterspaad is yntusken al wer in skoftke iepen, mar wy ha mear ideeën foar kuierpaden. Yn oerlis mei lânegeners, Steatsboskbehear en Lânskipsbehear Fryslân wurde der yn novimber twa nije kuierpaden reemakke. It earste paad rint tusken de Aldegeasterdyk en Opperbuorren East. It twadde paad giet fan It West nei it Utein.

We binne ek yn oerlis met de gemeente oer de takomstige nijbou fan de beide skoallen yn Aldegea. Dy nijbou sil plakfine yn 2018. It liket ús goed om op 'e tiid belutsen te wurden en nimme sels kontakt mei de gemeente op om te praten oer it hiele gebiet fan en om de skoalle hinne. It is better om alle partijen dy 't yn dat gebied festige binne, te hearren, winsken te bundeljen en sa ta in totale gebietsûntwikkeling te kommen.

Wy slute it jier 2015 posityf ôf want dit kear binne der net folle fernielings mei âldjiersnacht. Wy geane 2016 ridlik kalm yn.